

# Oprop foar de ferkiezing fan de Nederlânske leden fan it Europeesk Parlemint op tongersdei 6 juny 2024

## KIEZERSPAS

### Wannear meie jo stimme?

Jo meie stimme op tongersdei 6 juny 2024 fan 7.30 oant 21.00 oere.

### Wêr kinne jo stimme?

Mei dizze kiezerspas kinne jo stimme yn alle stimlokalen yn hiel Nederlân. Adressen fan de stimlokalen fine jo op de website fan de gemeente of it iepenbier orgaan (Bonêre, Sint Eustatius of Saba) dêr't jo stimme wolle.

### Binne jo jo kiezerspas kwyt? Of is de pas skansearre?

In kiezerspas kin mar 1 kear ôfjûn wurde. Is dizze kaart kwyt of skansearre? Dan kinne jo gjin nije pas oanfregje.

### Wat moatte jo meinimme as jo stimme wolle?

- Dizze kiezerspas.
- Jo paspoart, identiteitskaart of rydbewiis út Nederlân of in oar EU-lân. Dit identiteitsbewiis mei maksimaal 5 jier ferrûn wêze. Sjoch foar de jildichheid by 'Geldig tot'. Stiet dêr 7 juny 2019? Of in lettere datum? Jo meie it identiteitsbewiis dan noch brûke om te stimmen.

### Dizze kiezerspas is persoanlik!

De kiezerspas is allinnich foar jo. Allinne jo meie de kiezerspas brûke: jo namme en adres steane derop. De kiezerspas is allinnich jildich as jo namme en adres derop steane. Misbrûk fan dizze persoanlike kiezerspas is strafber.

STEM

### **Jo hawwe in identiteitsbewiis nedich om te stimmen**

In identiteitsbewiis is in paspoart, identiteitskaart of rydbewiis út Nederlân of in oar EU-lân. Dit identiteitsbewiis mei maksimaal 5 jier ferrûn wêze. Sjoch foar de jildichheid by 'Geldig tot'. Stiet dêr 7 juny 2019? Of in lettere datum? Jo meie it identiteitsbewiis dan noch brûke om te stimmen.

### **Hawwe jo gjin identiteitsbewiis?**

Freegje dan op 'e tiid in identiteitsbewiis oan by jo gemeente.

### **Wolle jo dat in oare kiezer foar jo stimt?**

Folje de folmacht hjirneist yn. Meitsje in kopy fan jo identiteitsbewiis. Jou de folmacht en de kopy oan de persoan dy't foar jo stimme sil.

***Tink derom!** Jou dizze kiezerspas en in kopy fan jo identiteitsbewiis allinnich oan in oare persoan nei't it folmachtbewiis hjirûnder troch jo en de lêsthawwer ynfolle en ûndertekene is.*

## **FOLMACHTBEWIIS**

Dit is myn kiezerspas (myn namme steat op de foarkant).

Ik stim sels net en machtigje in oare persoan (de lêsthawwer) om foar my te stimmen. Ik haw dy persoan foar dit doel in kopy fan myn identiteitsbewiis jûn.

### **Myn hantekening**

### **Ik machtigje de folgjende persoan om foar my te stimmen:**

Namme fan de lêsthawwer: .....

Adres: .....

Wenplak: .....

### **Hantekening fan de lêsthawwer**

### ***Tink derom!* As lêsthawwer moatte jo:**

- de folmachtstim útbringe tegearre mei jo eigen stim;
- in kopy meinimme fan it identiteitsbewiis fan de persoan foar wa't jo stimme.

**Jo meie by de ferkiezings foar it Europeesk Parlemint foar maksimaal 2 oare kiezers stimme.**